

# Bûnte Flinters mei 'In keardel út ien stik'

**EASTERNIJTSJERK** - De Bûnte Flinters út Easternijtsjerk stiene freed en sneon op 'e planken mei de toanielfoarstelling 'In keardel út ien stik'. Om't de feriening dit jier 25 jier bestien hat, is besletten om dit yn 1982 mei grut sukses opfierde stik op 'e nij foar it fuotljocht te bringen. De spilers fan doe wiene foar dizze jûnen spesjaal útnoege.

It stik spilet him ôf yn 'e wurkeamer fan de baronesse (Gaatske Jongeling). Sy libbet mei har man de baron (Durk Weidenaar) op in state te Skeanterp. De butler Parker (Sjoerd Kloostra) en sekretaresse Smit (Natasja Iedema) steane har bij. Foar de tún soarget Durk (Bas Dijkstra). Krekt oannaam binne de nije húsbewarders Jochem (Siemen Weidenaar) en Jolkje (Grietsje Dijkstra). Tegearre mei keukenhjelp Elske (Aleida Cuperus) soargje sy foar hús en hiem. Ek frelle Helene (Pietsje Miedema) en graaf Loadewyk (Lolke Bergema) binne as gasten oanwêzich. It stik draait om it byld Napoaleon, dat by oankomst stikken fallen is. Op 'e sokkel stiet no Jochem mei it pak fan de keizer oan. Dit soarget foar hylaryske taferielen. De rollen binne de spilers op it liif skreaun en se ha stik foar stik in geweldige prestaasje levere. Beide jûnen siet de seal goed fol en waard d'r folop lake. De reaksjes nei ôfrin - ek fan âldspilers - wiene hiel posityf. Eas-



**Op 'e sokkel stiet Jochem mei it pak fan Napoaleon oan. Dit soarget foar hylaryske taferielen.**

ternijtsjerk kin grutsk wêze op safolle kwaliteit yn eigen doarp! Rôzen en in slúfke mei ynhâld foar de feriening (fan Doarpsbelang en Doarpslús de Terp) wiene d'r foar alle spilers, de regisseuse Annie Bremer, de ynspekters Gea van der Ploeg en Trynke Braaksma, Jikke Sytsma

(hier en make-up), Meindert Hoekstra en Lieuwe Elzinga fan it lûd en de mannen fan it dekor. Lolke Bergema, Piet van der Ploeg en Durk Slager. Nei ôfrin waarden fjouwer jubilarissen noch efkes yn it sintsje set, dit bin Martje Walda, Pietsje Miedema en Durk Weidenaar. Sy

bin al 25 jier lid fan 'e feriening, spylje al langer, mar doe noch net ûnder de namme de Bûnte Flinters.

Jikke Sytsma docht al dy tiid it saneamde bûtenomfervjen, ek foar har wie d'r in oarkonde en in moai boeket blommen en dank foar safolle jierren ynset.

**Foto: Alex Bouma**